

Gjin literêr gehiel fan Fryske Diogenes

FD 9-2-'8

troch Jaap Krol

Fan freed 30 maart oant sneon 7 april ferline jier wenne taal-kundige en aforismeskriuwer Eric Hoekstra yn neifolging fan de filosoof Diogenes yn it ramt fan de 'Maand van de filosofie' yn it sintrum fan Ljouwert in wike yn in tonne, om dêr mei tal fan foarbyongers, kunde en freonen te konversearjen, te debatare, te filosofearjen. Wichtich útgongspunt by de op de antike filosofy oriëntearre Hoekstra is it elemint fan freonskip. Alle relaasjes dy't er moetet, binne minsken dy't harren freonskip ynsette om inoar wiisheden troch te jaan, it leafst by in sûn en ryklik miel iten.

Libje goed - op nei de tonne is it ferlach fan de tarieding en it ferbliuw

yn dizze tonne. It moat sein wurde: it ferbliuw yn de tonne hat in masterlik idee west. Sawol foarbyongers as de wrâldparse hawwe noasje hân fan it ynisyatyf. Hoekstra's styl is dêr ek nei. In soart positive spanning (oars sein: wille), kin him net ûntsein wurde. It boek lêst dan ek maklik wei.

Dochs is dit net genôch om my te freden te stellen. Yndie, yn dizze sin siet yrritaasje besletten. Hoekstra presintearret himsels nammentlik graach as filosoof, as tinker mei de eigenwiisheid fan Diogenes, mar ferjit de lêzer te belûken yn syn ferhaal. Is dat slim? Ja, want de keunst fan it filosofearjen wurdt yn *Libje goed* foaral redusearre ta it ôfsjitten fan losse flodders, faak foarsjoen fan moadieuze *one-liners* oer 'de' sosjalisten, 'de' moslims en 'de' kristenen.

In analyze fan it ferkiezingsferlies fan Grien Links wurdt sa ferklearre: 'F.H. (Femke Halsema - JK) wit net hoe't oare minsken tinke, hoe't de ûnderlaach tinkt (.) En as je it kontakt mei dielen fan it folk ferlieze, ferlieze je de ferkiezings' (side 51). Noch ôfsjoen fan it gebrûk fan it komplisearre wurd 'ûnderlaach', noch ôfsjoen fan de salonfâhigheit fan bygelyks de SP en madam Verdonk, sis ik: "t-Is-net-wier!"

Nim no dy moslims. Op side 148 praat Hoekstra foar in grutte kloft minsken mei in teologe. Ik lê: 'Ik tink wolris, teologen binne sa ferdraachsum en tolerant omdat it kristendom yn syn neidagen is. Wylst yn in noch folop libjende godstsjinst as de islam de teologen ûnferdraachsum binne.'

Ik tink wolris: wat wit Hoekstra

eins fan moslims? Hat er wolris in islamitysk lân besocht? Hat er wolris mei moslims sprutsen? Is er him bewust fan it feit dat der ferskillen binne tusken bygelyks Egyptyske, Amsterdamske, Amerikaanske en Iraanse moslims? Hokfoar teologen? Soenityske? Sjiityske? Alevityske? Folop libjende godstsjinst? Súd-Amearika? Latynsk-Amearika? Noard-Amearika? Poalen? Spanje? Ruslân? Joegoslavië, 1991-1995? Wa binne eins 'de' kristlike teologen? Herfoarmen? Grifformearden? Frijmakke grifformearden? Kristlik grifformearden? Nederlânsk Grifformearden? Luteren? Remonstranten? Foar bûtensteanders is it miskien ien brij, foar de kenners binne dat wrâlden fan ferskil. Katoliken dan?

Fan in politikus dy't stimmen hawwe wol, bygelyks foar de ûn-

feilbere regiopartij, begryp ik wol dat *one-liners* it goed dogge. Mar 'ik tink wolris' is gjin kreatyf tinken, mar buorrepraat op de fjouwerkante sintimeter. En dêr sit de swakte fan dit boek. Hoekstra hat fersomme syn, yn dit gefal, yn in folle seal útsprutsen wiisheid om te setten, oer te setten, nei in literêr folwoeksen gehiel; nei in werklik betooch of oars nei in flammende parody of in nijsgjirige politike analize. It bliuwt skrank en skriks tinken, in lêzer wurdt nea foar it blok set. Hy kriget net de kâns Hoekstra's universum te reflektarjen, te relativearjen. Sa nijsgjirich en oansteklik syn bondel aforismen is, sa neatsizzend is *Libje goed*.

Eric Hoekstra, Libje goed - op nei de tonne, Bornmeer, 15 euro